

Uit de rubiek "wie is wie" van de nieuwsbrieven Shantykoor "de Admiraliteitssjongers" Dokkum

Ik soe my graach efkes foarstelle wolle: myn namme is Auke Vrieswijk, die ha us heit en mem my joun doe ik berne bin op de Dwinger neamt it Oosterbolwerk. Fierders ha ik myn hiele libben yn Dokkum wenne. De legere skoalle wie de Groen van Prinsterer dêrnei nei de L.T.S. Doe bin ik oant Jaargang 1, nr. 3 Pagina 3 wurk gong by de S.R.I. yn Dokkum letter yn Feanwâlden al wer 48 jier. Myn functie is dêr gearstalter-bouwer. Wyls bin ik alwer 40 jier troud mei Willie Boersma suster fan de foarsitter. Wy hawwe trije bern krigen, dy't elk har eigen wei fûn hawwe. Wy binne ek blied my ús fjouwer pake en beppe sizzers dêr genietsje we fan. Op in gegeven momint waard d'r tjin my sein dû kinst wol by it shantykoor. It like my wol wat en ik prakkesearre der net sa lang oer. No sjong ik alwer goed seis jier mei yn dit geweldige shantykoor. In koor fol fan harmony, dit allinnich net te tankjen oan de sjongers mar ek oan de spyllju en de entûsjaste dirigint. Fjierders my ik graach fiskje, fuotbalje hoewol it nei 50 jier hast bard wêse sil, fietse, kuijerje en 's winters reedride. Omdat ik de únsunderlike sportprestaasje lever ha troch de tocht by de Fryske Alvestêden lâns, op redens, op 'e fiets en geande foet ôf te lizzen haw ik it brevet fan de fryske Alvestedêtochten behelle, dêr't ik tige grutsk op bin. Ek kin ik my wol fermeitsje mei muzyk lyk as: Rie tie tie (Piraten muzyk), Fryske muzyk, rock en shanty. By myn favoriten sitte: de Dijk, Golden Earring, Rolling Stones, Bruce Springsteen, Swiet & Bjuster en Sytse van der Werf. Eltse sneintemoarn lit ik twa cd's út myn kolleksje ôfspylje ûnder 't kofjedrinken. It is dit jier 20 jier lyn dat ik in stoma krigen hew. Dat is net altyd like goed gongen, ik haw my hyltyd werom fjochte moatten. Mei stipe van fan myn famylje en oaren yn hokker foarm as ek, bin ik eltsenien tankber. Ik sis altyd moed en fertrouwen hâlde. Goetnis Auke Vrieswijk *Bedankt Auke!*

